

1

In sterke fêsting is ús God,
in muorre om ús hinne.
Hy bringt in kear yn 't hurde lot
fan har dy't warleas binne.
De fijân rukt al op
mei grousum gerop.
Ut macht en út list
bestiet syn wapenris.
Gjinien kin him belykje.

2

Wat soenen wy tsjin syn geweld
mei eigen krêft begjinne?
Mar nêst ús stiet in sterke held,
dêr't wy 't mei bankje kinne.
Kenst Him noch net? Wit dan:
Kristus is dy man,
de Hear Zebaot.
Hy is de Soan fan God,
Hy sil de fjildslach winne.

3

Soe ek de ôfgrûn iepengean,
de kweade ús tamtearje,
wy sille syn terreur wjerstean
en litte_ús net benearje.
De foarst fan dizze wrâld,
ferliest it bewâld.
Op ien inkeld wurd
is al syn driigjen út:
syn fûnis is al fallen.

4

Gods hillich wurd bliuwt ivich stean,
wat minsken ek betinke.
De Hear sil stridend foar ús gean,
syn Geast ús krêften skinke.
Nimt satan, út op rôf,
ús libben ús ôf,
lit him mar begaan,
it bringt him dochs gjin lean:
it himelryk bliuwt uzes.

tekst en meldij Martin Luther – 'Ein feste burg ist unser Gott'
oersetting David de Jong